

Beslút

Underwerp : **Ferklearring fan gjin betinkings omwrâldfergunning ferdûbeling N381 tusken Donkerbroek en Easterwâlde**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 11 april 2017, nr. 01413294, oangeande de ferdûbeling N381 tusken Donkerbroek en Easterwâlde.
Mei it each op kêst 2.27 fan de Wet algemene bepalingen omgevingsrecht en kêst 6.5 fan it Besluit Omgevingsrecht

Oerwagende dat : De ferklearring fan gjin betinkings op grûn fan kêst 6.5 lid 2 fan it Besluit omgevingsrecht allinne mar wegere wurde kin yn it belang fan in goede romtlike oardering. De oanfraach is net yn striid mei in goede romtlike oardering. De ferklearring fan gjin betinkings moat dêrom ôfjûn wurde.

Beslute :

1. De sjenswizenota oangeande de omwrâldfergunning ferdûbeling N381 fêst te stellen;
2. In ferklearring fan gjin betinkings ôf te jaan foar it ôfwiken fan it Ynpassingsplan N381, it bestimmingsplan Bûtengebied 2016 fan de gemeente Eaststellingwerf en it bestimmingsplan Donkerbroek-West fan de gemeente Eaststellingwerf foar de ferdûbeling fan de N381 tusken Donkerbroek en Easterwâlde.

Sa feststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 24 maaie 2017,

drs. A.A.M. Brok

, foarsitter

G.W. Huisman

, griffier